



Boekpresintaasje Obe Postma Selskip

Op **31 maart** oansteande wurde om **16.00** oere troch it Obe Postma Selskip yn it **Natuermuseum Fryslân** (Schoenmakersperk 2, 8911 EM) te **Ljouwert** twa boeken op it gebiet fan de lânskipsskiednis oanbean. Sprekkers binne ûnder mear de histoarysk-geografen **prof. dr. Theo Spek** en **prof. dr. Guus J. Borger**. It giet om in mânske útjefte fan lânbouhistoaryske opstellen fan Obe Postma, ***Veld, huis en bedrijf***, besoarge troch Philippus Breuker m.m.f. Meindert Schroor en Tineke Steenmeijer-Wielenga, en de bundel ***Van Groningen tot Zeeland. Geschiedenis van het cultuurhistorisch onderzoek naar het kustlandschap*** ûnder redaksje fan Guus J. Borger, Philippus Breuker en Hylkje de Jong, mei bydragen fan Egge Knol (Het verleden van kwelders, wierden en dijken: werk voor natuurwetenschappers); Meindert Schroor (Tussen Geologie en Geakunde. Historische geografie van Friesland in de periode 1850-1950); H.Th.M. Lambooj (Het middeleeuwse kaartbeeld van Hollands Noorderkwartier); J.T. Bremer (De genese van de Kop van Noord-Holland en het westelijk Waddengebied); K.A.H.W. Leenders (Door de kracht der vloten, of door 't toedoen van mensen, verandert of gantsch te niet gegaan) en Adrie de Kraker (Landschapsonderzoek in de Zeeuwse Delta, 1990-2010). De boeken binne de middeis te keap. It **programma** fan de middei komt op it webstee (www.obepostma.nl). **Jo binne fan herten wolkom.**